

Bijlage VMBO-GL en TL
2017

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Nije Oude Willem

Gjin maisfjilden, mar wetterpuollen. Gjin kij, mar paapkes. De natuer krijt it foar it sizzen yn lânbou-enklave Oude Willem.

(1) In eilân fan boulân en greide yn in see fan bosk. Dat is Oude Willem. Mar de buorskip tusken Appelskea en Diever, op 'e grins fan Drinte en 5 Fryslân, wachtet in metamorfoaze. Beide provinsjes wolle de lânbou-enklave weromjaan oan de natuer. Fan âlds wie it gebiet rûch, oant de lju fan de Stichting Maatschappij van 10 Weldadigheid yn de twadde helte fan de njoggentjinde iuw harren each derop falle lieten. Oude Willem is neamd nei in âld-hoeder dy't foarhinne mei syn skiep troch de 15 woestenij teach. De earste ûntginners ferbouden dêr boekweit.

(2) No is der in tsjinoerstelde ûntwikkeling geande. As it oan de provinsje Fryslân en Drinte leit, 20 ferliest Oude Willem syn agraryske funksje wer foar in grut part. It boerelân hat ommers in negative ynfloed op de boskdobben deromhinne. Omdat boeren gjin baat 25 hawwe by wietige greide ferleegje sy it wetterpeil. Mei ferearming fan de natuer as gefolch en dat bart dan ek yn it omlizzende gebiet. Troch sleatten ticht te smiten komt it 30 wetterpeil wer omheech, seit projektlieder Meinard Bos. In slinke kronkelet aanst troch de âlde lânbouperselen. De dyk, dy't no troch it gebiet rint, wurdt skielk beheind 35 brûkber foar it ferkear.

(3) Sa wurdt it gebiet aanst oantreklik foar wetterinnerkes en wettersnippen en moat it oergongsgebiet tusken it Wold en it iepen Oude

40 Willemgebiet in paradyske wurde foar de skiere wilster, it paapke en it swartkieltsje.

(4) Sa'n tsien jier ferlyn begûnen de oerheden al mei it oankeapjen fan de 45 nedige grûn. Dat naam nochal wat tiid yn beslach. Guon buorkerijen ferdwûnen, twa pleatsen wurde noch as antykraak bewenne, mar dy gebouwen wachtsje ek op ôfbrekken 50 of ferruïearing. De plannemakers lieten op guon plakken mei opsetsin resten fan agraryske bebouwing stean. In skuorre as boufal, oan in oergroeide oprydeane: sy fertelle it 55 ferhaal fan de ûntginning fan Oude Willem. "Lânskip yn beweging", neamt Bos dat.

(5) Mar noch altiten is net it hiele gebiet yn hannen fan de planne- 60 makers. Op Drintsk grûngebiet is allinne it bedriuw fan boer Gijs Jansen noch aktyf. Sûnt 1916 sit it famyljebedriuw oan de Oude Willemsweg. "Us pake hat noch 65 holpen mei de ûntginning." Hy hat it liif fol fan de hâlding fan de oerheden, seit er. Sy kleurje syn grûn alfêst yn as natuergebiet, hoewol't der noch gjin oerienstimming is oer 70 de finansjele ôfwikkeling. "Sy meitsje my de kop allinne mar gek."

(6) Projektlieder Bos hopet lykwols dat alle prosedueren dit jier ôfhannele binne, sadat beide 75 provinsjebestjoeren trochpakke kinne. Dan kin it tichtsmiten fan sleatten, it fuortheljen fan hikken en it graven fan in slinke, begjinne. It sil

dan noch jierren duorje foar't Oude
80 Willem de natuerwearde hat dy't de
inisjatyfnimmers foar eagen hawwe.
Troch it jierrenlange bedongjen fan it

lân sit it fol mei fosfaten, dy't oan de
grûn ûntlutsen wurde moatte. Dat
85 kostet tiid. It boereferline lit him net
samar útwiskje.

naar: Wieberen Elverdink, Leeuwarder Courant, 6 febrewari 2013

Tekst 2

In stoarm bringt Grouster rêder altiten Seelân yn it sin

Yn de nacht fan de Siuwske wettersneedramp, op snein 1 febrewaris 1953, sette Haite Seldenrust¹⁾ mei alve oare manlju mei tsien skouwen ôf út Grou wei om te helpen.

(1) Haite wie yn 1953 de jongste Grouster dy't by de wettersneedramp yn Seelân meidie oan de rêdings-aksje. Altiten om 1 febrewaris hinne
5 komme de herinneringen, fertelt er. Al hielendal as it dan hurd waait. "Dan belibje ik it krekt as wie it juster. Dan moat ik der efkes út en rin ik nei de mar. Ik sykje de romte dan op."
10 (2) As jongfeint fan 24 hie er der gjin aan fan wêr't er dy nachts oan begjinne soe. Hy murk allinne dat er troch de stoarm kwalik nei hûs ta fytse koe út Reduzum wei. Dêr
15 wenne destiids syn faam. Doe't er lang om let thús kaam by syn âlden dy't op it fabryksterrein fan Halbertsma wennen, bedarre Seldenrust middenyn de drokte.
20 (3) It die bliken dat de boargemaster fan doe, menear Renken, in oprop dien hie oan de Vereniging Grouwster Watersport om te helpen. Tsien skouwen (izeren skipkes)
25 waarden op twa trailers set. In persoane-auto mei in reserve-sjauffeur ried der efteroan. Hast alle eigeners fan de skouwen giene mei, mar doe't der ien fan har útfoel, pakte
30 Seldenrust de kâns. "Wy wiene

altiten op it wetter en hiene ûnderfining genôch."
(4) Hidde Halbertsma, destiids direkteur fan de Halbertsmafabriken,
35 gie ek mei en wie de grutte regeler. Hy krige it foarinoar dat der yn Dordrecht in skip klearlei dêr't de skouwen opladen waarden. Dêrnei waarden de Grousters nei Ooltgensplaat yn Seelân ta brocht. Dêr kamen se de moandeitemiddeis oan. Yn trije dagen rêde de ploech goed 1500 minsken. "Wy begûnen fuortendaliks te farren. It wie eins net te begripen:
45 wy fearen by de goaten fan huzen del."
(5) In protte slachtoffers sieten foar in dakrútsje te wachtsjen. De Grousters moasten dan in gat yn it dak slaan
50 om dy minsken te rêden. By tiden fearen se mei wol tsien persoanen yn it skouke werom om har by it sintrum fan it Reade Krús ôf te leverjen. De earsten dy't Seldenrust rêde, wiene
55 in frou mei har krektberne poppe.
(6) Op in keamer yn it gemeentehûs koene de rêders útrêste, mar dêr kaam it net fan. Neidat de minsken yn it doarp help krigen hiene, kamen
60 de boeren yn de polder oan bar. "Se

sieten stiif fan de kjeld tsjin de skoarstienmuorre oan.” Doe’t dizze put derop siet, giene de Grousters it wetter op om fee op de drûchten te bringen.

65 (7) Trije dagen en nachten wiene Seldenrust en syn maten yn it spier. Mei de blierren yn de hannen fan it sâlte wetter kamen de manlju nei in lyts wike werom yn Grou. De sliep
70 krije, dat slagge doe noch net. “Ik ha noch trije nachten wakker lein om’t alles boppekaam.”

(8) Earst folle letter kaam Seldenrust
75 werom yn Ooltgensplaat. Net tsien jier ferlyn, doe’t der in offisjeel monumint ûntbleate waard. Dêr wiene de Grousters wol by útnûge. Seldenrust wie doe slim siik, mar syn
80 famylje makke dat gemis goed troch him letter in hiele dei mei te nimmen nei it Siuwske plakje. Doe seach Seldenrust pas dat Ooltgensplaat gewoan in doarp mei strjitten is. “Dy
85 hawwe wy doe nea sjoen. Yn 2003 seach ik ynienen by de huzen op.”

naar: Maria Del Grosso, Leeuwarder Courant, 31 januari 2013

noot 1 Haite Seldenrust is op 27 maaie 2015 stoarn yn 'e âldens fan 86 jier.

Tekst 3

In wettersneedramp kin him moarn foardwaan

De wettersneedramp yn de nacht fan 31 jannewaris op 1 febrewaris 1953 waard feroarsake troch in kombinaasje fan spring- en stoarmfloed. Tsjin dy bûtenwenstich hege wetterstannen koene de measte diken it net meunsterje. By de ramp kamen yn alle gefallen 1835 minsken om it libben.

(1) Nederlanners moatte harren better tariede op in wettersneedramp lykas dy fan sechstich jier ferlyn yn Seelân. Dat fynt Olivier Hoes fan de
5 Technyske Universiteit fan Delft. Hy hat in kompjûtermodel ûntwikkele dêr’t er mei sjen litte kin hoe hurd oft grutte parten fan Nederlân folrinne kinne as it mis giet, bygelyks as by in
10 tige krêftige stoarm de diken it op tal fan plakken net hâlde kinne. Flechtsje kin dan net mear.

(2) Hoes riedt de measte Nederlanners dan ek oan om yn sa’n gefal
15 net de natuerlike ympuls te folgjen en daliks de auto te krijen en út te naaien. Sy sille yn in file telâne komme, miskien wol yn in leger part

fan it lân as de krite dy’t se
20 ûntflechtsje wolle. It is better yn 'e buert in heech plakje op te sykjen, de souder fan de eigen wente bygelyks of in heech gebou.

(3) Watsto dwaan moastst by in
25 superstoarm ferskilt fan plak ta plak. Neffens Hoes kinne Nederlanners harren oer it generaal te min sels rêde. Japanners soene bygelyks folle better taret wêze op oerstreamingen
30 en ierdbevingen, trochdat harren lân folle faker te krijen hat mei sokke rampen. Nederlanners moatte harren better tariede op in wettersneedramp, fynt Hoes. “Sjoch om dy hinne en tink
35 nei: wêr kin ik hinne as it wetter komt?”

(4) By de ramp fan 1953 ferdronken in soad minsken trochdat harren hûs ynstoarte wylst se op 'e souder sieten. Neffens Hoes is it risiko dat soks bart net sa grut. "Huzen stoarte allinne yn op plakken dêr't de krêft fan de streaming grut is. Dat is allinne sa, flak efter in gat yn de dyk. Op de measte plakken streamt it net sa hurd. Dêr stoart in hûs net fan yn." (5) Statistisy hawwe útrekkene dat in stoarm dêr't de diken by brekke mar ien kear yn de tsientûzen jier foarkomt. Dat ropt in gefoel op dat it noch hiel lang duorje kin foardat it sa fier is, mar Hoes wiist derop dat it moarn ek barre kin. In écht grutte ramp lit him min foarsizze, seit Hoes mei klam. "Alle rampen hawwe in omslachpunt: no giet it echt mis. Yn it gefal fan sa'n ekstreem swiere stoarm brekke de diken op tal fan

plakken troch. Asto dan pas it beslút ta evakuaasje nimst, dan is it te let. Want elkenien wol dan fuort." (6) Krekt yn de tichtbefolke Rânestêd wenje in hiel soad minsken ûnder NAP¹). Hoes: "Hoefolle minsken wenje yn de Rânestêd, sân miljoen? Dan stiest dêr yn de file op de sneldyk en de floed komt. Wolsto dêr de hiele nacht stean mei it wetter boppe de mul, by in temperatuer fan fjouwer graden en in bern op 'e earm?" (7) De minister fan ynfrastruktuer en milieu bepleitet dochs in evakuaasjeplan foar de Rânestêd. Is dat wol sa tûk? "Evakuaasje nei de souder falt dêr ek ûnder", seit se. "It giet derom datst it besef hast dat dy stoarm der komme kin en datst dan ek witst watst dwaan moast."

naar: Leeuwarder Courant, 31 januari 2013

noot 1 NAP: Normaal Amsterdams Peil: Hjur kinst oan sjen hoe heech oft it wetter stiet. Guon gebieten yn Nederlân lizze heger as it NAP; dêr libje de minsken boppe de seespegel. Earne oars libje minsken yn gebieten dy't ûnder NAP en dus leger as de see lizze.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.